



Oan de taalkundige ôfdieling fan de Fryske Akademy,
dr. A. Dykstra
Coulonhûs
Doelestrjitte 8
Postbus 54
8900 AB LJOUWERT

140304.[2].FA.FFU.

Drachten, 4 maart 2014

Underwerp: *strideraasje oer stavering en standert*

Achte hear Dykstra en meiwurkers,

No't ek de *Feriening Frysk Underwiis* (FFU) yn de kollum fan Abe de Vries ('*Ynfiering fan Sovjetfrysk?*', *Frysk Deiblêd*, 26 febr. 2014) yn negative sin behelle wurdt yn de 'diskusje' oer oanpassing fan de stavering en in (noarmearjende) standertwurldlist Frysk, tinkt ús bestjoer der goed oan te dwaan om jimme in stipe yn 'e rêch te jaan. Tefolle binne tsjinstanners as Pieter Breuker en Henk Wolf mei prosedurele spultsjes dwaande. Boppedat achtsje wy harren argumenten tsjin it fierder standerdisearjen fan it Frysk, foarsafier't dy der binne, net falide. Soarch oer de takomst fan it Frysk hawwe wy allegearre en dan leit it swart meitsjen fan minsken net foar de hân.

Benammen foar in minderheidstaal (as it Frysk) tinke wy dat it fan grut maatskiplik belang is dat der konsistinte en konsekwinte regels komme. Yn it ûnderwiis is in logyske en sa ienfâldich mooglike stavering needsaaklik om it Frysk ek skriftlik goed brûke te kinnen. Net allinnich foar de Frysktaligen, mar benammen ek foar de net-Frysktaligen. En it mear skriftlik brûken fan in taal kin net sûnder in goed omskreaune standert. Foaral foar it ûnderwiis en offisjele ferkear (oerheid, rjocht) is in goed ûnderwiisbere, flot tapasbere - sa unifoarm en 'Frysk' mooglike - stavering en standert fan grutte betsjutting. Wy komme tefolle flaters, ûnnedich dialektysk foarmferskaat en tige ûnwinsklike hollânismen of oare ynterferinsjes tsjin yn de besteande learmiddels foar it Frysktalich ûnderwiis. Dat is tige skealik foar it ûnderwiis en foar de fierdere emansipaasje fan it Frysk as kultuertaal.

In goed oan te learen en te ûnthâlden stavering en standert sil de drompel foar it brûken fan it Frysk ferleegje en hâldfêst jaan oan de gearstalders fan learmiddels en toetsen. Dat steane wy as FFU foar. Soks sil ek de bedoeling fan jimme krewearjen en dat fan de provinsje wêze. Bûten de boppeneamde domeinen kin der út soarte mear romte/rûmte wêze foar dialektysk ferskaat as ien dêr wier ferlet fan hat.

Wy hoopje dat de kommende feroarings/feroaringen it effekt hawwe sille dat wy der fan ferwachtsje en winskje jimme sukses by it *fierder ûntwikkeljen* fan de **standert** foar it Frysk. Sa'n ûntjouwing is yn Fryslân al in skoft oan de gong (bgl. yn de wurdboeken), lykas jimme meiwurker Hindrik Sijens yn in kollum ('*Great, greuter, grootst*', FD, 01-02-2014) mei rjocht sinjalearre hat, mar wy binne der noch net. Dat freget om saakkundige stjoering en foldwaande oerheidsstipe.

Mei rju achtinge en freonlike groetnisse,

drs. T. Dykstra, *foarsitter FFU*

drs. S.T. Hiemstra, *skriuwer FFU*